


Abe en de Aardichman



Tialda Hoogeveen – tekst | Yke Reeder – yllustraasjes | Afûk, 2022
| ISBN 9789493159884 | hurd kaft | 53 siden | Leeftiid: 7+

YNHÂLD

Oer it boek	1
Oer de skriuwer	1
Koarte ynhâld	2
Prate oer it boek	2
Oan de slach mei it boek	3
PRATE	<i>rûntepetear</i>
KNUTSELJE	<i>meitsje in hûs</i>
TEKENJE	<i>meitsje in nije freon</i>
TOANIEL	<i>ympro</i>
TOANIEL	<i>teäterlêze</i>
SPULTSJE	<i>bistjes sykje</i>
PUZELJE	<i>wurdsiker</i>
KLEURJE	<i>kleurplaat</i>
Wurkblêden	6

OER IT BOEK

Abe en de Aardichman is een oade oan de fantasy en oan freonskip. It is in sfearfol ferhaal oer in jonkje dat syn eangst oerwint. Mei prachtige yllustraasjes fan Yke Reeder. De haadpersoanen Abe en Sibrich binne befreone mei in Aardichman en in Modderman. Besteane dy allinnich yn harren holle, of binne se dochts echt? Dat docht der úteinlik net ta. De freonen helpe har freonen, se binne der foarinoar. En dat is wêr't it by freonskip om giet. It boek hat in werprintinge krigen yn it neijer fan 2023, omdat alle bern út groep 5 yn de gemeente Noardeast-Fryslân it boek fan harren gemeente kado krigen yn it ramt fan 'Jou in bern in boek'! De yllustraasjes hawwe in hiel moaie reis makke. Se hawwe te sjen west yn Bratislava, de haadstêd fan Slowakije. *Abe en de Aardichman* is mei njoggen oare boeken út Nederlân selektearre om dêr te hingjen op de Yllustraasje Biënnale. De tekeningen hingje dêr tusken tûzenen oare yllustraasjes

út berneboeken út de hiele wrâld. Dêrneist stiet it boek op de list fan The White Ravens 2023 fan de Internationale Jugendbibliothek München, mei dêrop 200 titels yn 39 talen út 57 lannen. Ek stiet it boek op de IBBY Honourlist 2024.

OER DE SKRIUWER

Libben en wurk

Tialda Hoogeveen (1974) is berne yn Haskerdiken en wurket as skriuwer en sjoernalist. Sy skriuwt foar bern en foar folwoeksenen, yn it Frysk en yn it Nederlânsk. Earder skreau sy in non-fiksjeboek en ynformative boeken. De lêste jierren leit sy har mear ta op fiksje. Ferhalen betinke fynt se magy: je begjinne mei in wyt fel papier en in dei letter is der wat ûntstien dat der earder noch net wie. Nei har ôfstudearjen – kommunikaasje en sjoernalistyk – hat se by Natuurmonumenten wurke as redakteur. Mar se woe graach mear tiid foar har eigen wurk hawwe en begûn dêrom foar harsels. Mei de oplieding 'proza voor kinderen' hat se har talein op it skriuwen foar bern. Yn har boeken spilet de natuer in wichtige rol. Sels is se ek graach bûten om nei fûgels te sjen en te sporten. Neist natuer hat skiednis har ynteresse, dat is bygelyks te sjen yn de berneboeken *Van oermens tot jou*, *Oerstoer*, *over de wolharige mammoet en de rest* en *De Jodenvervolging*. Foar de tydskriften *Tsjil* en *LinKk* skriuwt sy koarte ferhalen, gedichten en artikels. Se sit al jierren yn de redaksje fan *Vogels Junior*, it bernetydskrift fan Vogelbescherming Nederland. Hoogeveen is net skriuwer wurden, sy wie it altyd al. Al as bern makke sy boekjes, tydskriften en harkspullen. Se skreau meters deiboeken en korrespondearre mei freonen. De skriuwster hat nea in priis wûn, mar krige wol inkelde nominaasjes. It boek *Oerstoer* stie op de shortlist foar de Jan Wolkers Literatuurprijs. En *Wurden fan Timo*

wie nominearre foar de Simke Kloostermanpriis. Ek stie har gedicht *Was de was* op de longlist fan de Turing Nationale Gedichtenwedstrijd 2011.

Yn 2023 en 2024 is Hoogeveen Berneboeke-ambassadeur. Dat betsjut dat sy nei skoallen, bibleteken en eveneminten giet om foar te lêzen en minsken te fertellen oer Fryske berneboeken.

www.tresoar.nl

www.tialdahoogeveen.nl

www.kinderboeken.nl

[Instagram](#) (tialda_hoogeveen)

Oare berne- en jeugdboeken fan Tialda Hoogeveen:

Ferhalen

Koart ferhaal *De ottervanger yn Het grote heldenboek*, Uitgeverij Callenbach, 2011

Wurden fan Timo, Afûk, 2021

Maia en har freonen (oersetting), DeRyp/Afûk, 2021

Myn lân, ferhaal yn de bondel DJ Elle, Afûk, 2017

Woorden van Timo, Ploegsma, 2023

Ynformatyf

Winterslaap, KNNV Uitgeverij, 2005

Lentekriebels, hoe dieren kleintjes krijgen,

KNNV Uitgeverij, 2007

Herfstpret, hoe dieren overleven in de herfst,

KNNV Uitgeverij, 2009

Zomerzon, waarom dieren zo gek zijn op de zon,

KNNV Uitgeverij, 2010

Natuur is overal, een veldgids voor kinderen,

Tirion Uitgevers, 2010

Ontmoet Minuscule in de achtertuin, KNNV Uitgeverij, 2015

Oerstoer, over de wolharige mammoet en de rest,

Ploegsma, 2019

De Jodenvervolging, schoolboekje voor informatiereeks

Ars Scribendi, 2019

Inuit, schoolboekje voor informatiereeks Ars Scribendi,

2021

Van oermens tot jou, Ploegsma, 2024

Gedichten yn bondels

Was de was yn Dansen op de maat van het ogenblik, útjouwerij Augustus (n.o.f. Turing Nationale Gedichtenwedstrijd), 2011

En/of God bestaat yn Er zit een feest in mij! Querido's

Poëziespektakel 5, Querido, 2012

Oer Rosa (mar mear oer Hinke) yn It grutte foarlêsboek II, Afûk, 2020

Yn 'e fierte yn jubileumbondel Nearnwâld fan it Skriuwersboun/Elikser, 2019

Wat de nacht betinkt, It ritme fan RIXT, Louise, 2023

KOARTE YNHÂLD

Abe en de Aardichman is it ferhaal fan Abe, in wat dreamerige en avontuerlike jonge. Hy ferhuzet mei syn âlders en suske nei in hûs mei in grutte tún. As der in famke foar it stek stiet, krûpt er gau ûnder in strúk. Omdat hy yn syn foarige wenplak pleage waard, doart er no net mear mei oare bern te boartsjen. Mar al gau fernimt er dat er net allinne is ûnder dy strúk... In brún bultsjie mei in swiere bromstim en wapperjende hantsjes komt yn beweging. Wat is dat dochs?!

It wûnderlike mantsje is de Aardichman, in mantsje makke fan ierde. Al fluch ûntdekt Abe dat de Aardichman wol in te fertrouwen freon is. Hy helpt Abe wêr't dat noadich is. As de Aardichman syn hûs driget kwyt te reitsjen en sels ek ferdwynt, keare de rollen om. No moat hy de Aardichman helpe. Abe slút freonskip mei syn buorfamke Sibrich, syn eardere wantrouwen moat er loslitte no't er har noadich hat.





PRATE OER IT BOEK

It stellen fan de fraach 'Wêr gong it boek oer?' is faak net sa'n produktive wize om mei learlingen oer in boek te praten. Sy witte faak de essinsje net goed te beneamen en ferlieze harsels gauris yn details. In goede metoade om in berneboek klassikaal te besprekken, is ûntwikkele troch de Ingelske berneboekeskriuwer Aidan Chambers. Hy beskriuwt dy yn syn boeken *Vertel eens* en *De leesomgeving*, bondele yn *Leespraat*, Biblion 2012. De *Vertel eens*-oanpak komt derop del dat de learlingen en learkrêft oan 'e hân fan de folgjende basisfragen oer it boek prate, as dat út is:

1. Wat fynst moai/goed oan it boek?
2. Wat fynst net sa moai/goed oan it boek?
3. Wat fynst dreech of ûndúdlik? (Of frjemd, wiene der dingen dy't net kloppen?).
4. Wiene der patroanen/ferbannen? (Dingen dy't hieltyd weromkomme yn it boek?).

Set de antwurden fan de learlingen yn stekwurden yn kolommen op it boerd. Binne der linen te lûken fan de iene nei de oare kolom? Binne der dingen dy't faker weromkomme? Falt in bepaald tema of ûnderwerp op? Learlingen dy't oefenje om in boek op dy wize te besjen, sille letter mear bysûndere dingen opfalle.

OAN DE SLACH MEI IT BOEK

It boek kin ekstra ta libben komme troch allerhande ferskillende ynfalshoeken en ferwurkingsopdrachten. De piktogrammen betsjutte:  = groep,  = twatalen,  = yndividueel,  = tiid dy't noadich is foar de opdracht.

PRATE - rûntepetear



Prate oer freonskip:

- Wa binne dyn freonen?
- Kin in húsdier ek in freon wêze? Hasto in húsdier? Wat betsjut dy foar dy? Treast? Selskip? Boartsje?
- Kin in sabeare persoan ek in freon of freondin wêze foar dy? Hasto sels ek ien, of hasto ien hân?
- Wêrtroch bisto sels in goede freon(din)?
- Wat fynsto goed, moai, leaf of bysûnder oan dyn freon(en)?
- Hoe soe dyn libben wêze sûnder freonen?
- De dosint skriuwt kearnwurden op in grut fel papier of op it digiboerd. Dat jout in moai oersicht fan de wearde fan freonskip.

KNUTSELJE - meitsje in hûs



Noadich: lege ferpakkingen, toutsjes, lym, wc-roltsjes, kleurd papier, potleaden, skjirre, knutselkarton ensafierder.

Lês it haadstik 'Wêr is de Aardichman?' foar.

Opdracht:

Help, de Aardichman rekket syn hûs kwyt! Gelokkich kinsto him helpe. Knutselje in hûs foar de Aardichman. Tink goed nei oer wêr't er graach wenje wolle soe.

Bern dy't al skriuwe kinne, kinne ek wurdsjes skriuwe op it hûs of in wurdsje skriuwe op in bledsje, dat útknippe en op it bouwurk plakke.

TEKENJE - meitsje in nije freon



Printsje **wurkblêd 1** út, kopiearje foar elke learling.

Abe fynt in nije freon yn 'e tún, de Aardichman. By Sigrid yn 'e tún wennet de Modderman. En by boer Veenstra op 'e pleats sitte 'soksoarte figueren' faak yn 'e terp.

Besprek klassikaal ûndersteande fragen. De bern kinne de antwurden op dy fragen sels ynfolje op it **wurkblêd 1**.

Freonen binne belangryk. In hûn, klasgenoat, buorfamke of knuffelbear.

Of: in nije selsbetochte freon!

Troch de fragen hjirûnder te beäntwurdzjen, kinst dyn eigen nije freon betinke.

Alles watst betinkst bestiet.

- Stel datsto sa'n freon yn de tún fine soest, hoe soe dy derútsjen?
- Hoe grut of hoe lyts is it?
- Is it in mantsje of in froutsje?
- Wêr presys wennet it?
- Watfoar lûd makket it?
- Watfoar kleur, kleuren hat it?
- Wêr libbet it?
- Wat yt it?
- Hoe rûkt it?
- Wat soe it tsjin dy sizze?
- Wêr kin it dy by helpe?
- Wat soest boartsje wolle mei dy freon?
- Betink in namme

Meitsje no in tekening fan de freon. Tekenje ek it plak dêr't hy of sy wennet.

TOANIEL – ympro



Lês it haadstik ‘De Modderman’ foar. Freegje no oan de bern: wa komme foar yn dit ferhaal? It antwurd is: Abe, Sigrid, de Aardichman, de Modderman.

Nûgje no fjouwer bern út om de sêne nei te spyljen. Let op, dit is ymprotoaniel, fansels witte de akteurs net alle details mear fan it ferhaal. In frije fariant op it ferhaal is ek goed, sa foegje sy sels just wat ta.

N.B.: Ek Edou wurdt neamd yn dit haadstik, fansels kinne de bern in rol foar Edou ymprovisearje.

Lês it haadstik ‘Wêr is de Aardichman?’ foar. Freegje dan oan de bern: wa komme foar yn dit ferhaal? It antwurd is: Abe, Sigrid, de Aardichman, de Modderman, Griensma, heit en mem.

Nûgje no fjouwer bern út om de sêne nei te spyljen. Let op, dit is ymprotoaniel, fansels witte de akteurs net alle details mear fan it ferhaal. In frije fariant op it ferhaal is ek goed, sa foegje sy sels just wat ta.

TOANIEL – teäterlêze



Frysk lêze is miskien wat dreech foar bern dy't noch mar krekt skriuwen leard ha. Dan is teäterlêzen in libbendige en aktive manier om yn 'e kunde te kommen mei it lêzen fan dy taal. Fansels is de help en stipe fan de learkrêft dêrby fan herte wolkom.

Lês it haadstik ‘Sibrich mei de skeinspruten’ foar.

Printsje **wurkblêd 2** twa kear út, sadat beide lêzers it fêsthâlde kinne en foarlêze kinne. Dy dialooch is in oanpaste ferzje fan it boek, sadat bern it makliker lêze kinne.

Farianten op de dialooch: as de bern fertroud reitsje mei de tekst kin it in kear hiel traach dien wurde, of hiel lilck, of hiel bliid.

SPULTSJE – bistjes sykje



Lês it haadstik 'In brún hantsje' foar.

De tún by Abe syn hûs is hiel grut. It liket wol in oerwâld. Dêr libje ek in hiele protte bistjes. Kinste se allegearre fine?

Fariant 1

Kinne de bern al wat skriuwe?

Toan **wurkblêd 3** op it digiboerd.

Lit bern yn twatallen opskriuwe hokker bisten sy sjogge.

Lit ien twatal nei foarren komme en se allegearre oanwize. Ha sy se allegearre fûn?

Fariant 2

Kinne de bern noch net sa goed skriuwe? Printsje dan **wurkblêd 3** út en lit de bern yn twatallen de bisten dy't se fine omsirkelje.

PUZELJE – wurd­siker



Printsje **wurkblêd 4** út, kopiearje foar elke learling.

Sykje de wurden. Der is in handige manier om dat te dwaan. Streep elk wurd datst fûn hast troch.

KLEURJE – kleurplaat



Printsje de kleurplaat op **wurkblêd 5** út. Kopiearje de kleurplaat foar elke learling.

Abe en Sibrich rinne de tún yn. Alle kleur is derút ferdwûn! Kinste it wer kleur jaan? Mei kleurkes, en kinst der ek stikjes papier of stof op plakke. En kinste sels ek bistjes tekenje tusken de bledsjes?

WURKBLÊD 1 – ABE EN DE AARDICHMAN

TEKENJE

Meitsje in nije freon

Freonen binne wichtich. Of it no in hûn, klasgenoat, buorfamke of knuffelbeer is. Of in nije selsbetochte freon! Troch dizze fragen te beäntwurdzjen, kinst dyn nije freon sels betinke. Alles watst betinkst bestiet.

Wêr libbet it?

Wat yt it?

Betink in namme.

Welke kleur of kleuren hat it?

Hoe grut of hoe lyts is it?

Wat soe it tsjin dy sizze?

Watfoar lûd makket it?

Hoe rûkt it?

Wêr kin it dy by helpe?

Tekenje hjir dyn nije freon

TOANIEL

Teäterlêze

Noadich: twa learlingen

- Sibrich: Wennesto hjir yn dat grutte hûs?
- Abe: Ja. En do? Wennesto hjir yn de buert?
- Sibrich: Ja, dêr.
- Abe: Hoe hjitsto?
- Sibrich: Ik hjit Sibrich. En do?
- Abe: Ik hjit Abe.
- Sibrich: Hoi Abe. Sille wy boartsje?
- Abe: Ja, bêst.
- Sibrich: Moai! Want ik ferfeelde my en ik ha gjin boarters yn it doarp.
- Abe: Gesellich.
- Sibrich: Mei ik wol op dy skommel?
- Abe: Ja fansels.
- Sibrich: Wolsto in kear by my op de glydbaan?
- Abe: Jawol.
- Sibrich: Oant moarn.
- Abe: Oant moarn.

WURKBLÊD 3 – ABE EN DE AARDICHMAN



WURKBLÊD 4 – ABE EN DE AARDICHMAN

PUZELJE

Wurdsiker

Streekje de wurden út 'e puzel troch.

Y	S	Q	R	D	R	D	E	B	W	I	N	R	J	B	H	H	S
Z	B	X	D	H	D	T	J	U	Y	E	H	O	H	X	Y	G	T
N	A	R	D	N	I	V	O	S	I	B	R	I	C	H	F	I	J
A	O	B	Â	E	S	I	B	R	I	C	H	P	E	S	R	M	W
M	S	P	E	N	K	N	B	E	T	S	V	X	Y	V	E	M	R
R	W	K	T	I	S	Y	A	Û	V	U	F	B	C	M	O	H	E
E	S	D	O	A	R	P	G	A	S	S	Y	Y	O	C	N	B	J
D	K	W	J	G	Y	O	U	Y	B	E	D	A	S	M	S	X	Z
D	Y	S	Q	R	E	F	Z	I	H	D	N	F	S	P	K	Z	Ú
O	L	E	F	O	J	S	N	X	T	N	Y	R	W	D	I	T	H
M	H	Q	L	L	B	F	K	K	E	A	E	L	A	V	P	U	R
Q	N	W	N	J	O	A	A	Y	W	V	U	B	G	D	D	O	E
V	E	G	O	N	A	O	R	R	I	W	G	T	O	P	L	D	F
S	K	P	T	I	W	D	Z	F	E	F	T	Y	O	Q	S	E	G
X	H	E	S	G	E	N	Ú	T	F	T	Y	X	Y	S	G	K	H
Q	I	T	I	A	L	D	A	F	G	E	T	T	C	F	X	Q	E
N	W	S	K	O	M	M	E	L	K	P	P	I	S	J	X	C	L
Q	K	Û	R	T	S	G	Y	Z	R	L	U	C	J	L	I	S	P

ABE
BRÂNSPUITAUTO
BÛSE
DOAR
EDOU
FERHÚZJE
FIVER
FONTEIN

FREONSKIP
FYTS
GLYDBAAN
HELP
JITTER
KAAI
MOANNE
MODDERMAN

SIBRICH
SIBRICH
SJOFEL
SKOMMEL
STRÛK
TIALDA
TÚN
YKE

WURKBLÊD 5 - ABE EN DE AARDICHMAN

